# 28 Der kaam in ingel by my del




2 Dy ingel kaam net samar del.
Hy sei tsjin my: "Wurd mar net kjel.
Do wurdst mem, dyn soan is Hear."
Dêrom sjong ik kear op kear: Magnificat!

3 De ingel sei: "Wês mar net bang.
Dyn God dy ken dy al sa lang.
Do bist útkard troch de Hear."
Dêrom sjong ik kear op kear: Magnificat.

4 Ik sei tsjin him: "Ik fyn it goed.
Jo wurden jouwe my de moed.
Ik wurd mem, myn soan de Hear.
Dêrom sjong ik kear op kear: Magnificat."

*tekst kûplet 1 en meldij – Jan D. van Laar 'Maria en Gabriël'*
*oersetting en tekst kûplet 2-4 – Lyske Boersma*